



JIERFERSLACH 2017

Utgouwerij Grotesk
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam
ynfo@grotesk.site
020 693 86 31



Ynhâld

Foaropwurd fan de foarsitter	2
1 Ferslach fan it bestjoer	3
1.1 Fisy, missy, doel en oanpak	3
1.2 Barren en wurk	3
1.3 Súksessen en wjerslach	3
2 Takomst	4
2.1 Aktiviteiten	4
2.2 Projekten	4
3 Organisaasje	5
3.1 Bestjoer	5
3.2 Wurknimmers	5
4 Jierrekken	6
4.1 Balâns	6
4.2 Steat fan baten en lêsten	7
4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten	7
4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje	9
5 Begrutting	10
5.1 Risseltatebegrutting	10
5.2 Taljochting begrutting	10
Bylagen	11



Foaropwurd fan de foarsitter

Foar jo leit it earste jierferslach fan útjouwerij Grotesk. Mei dit ferslach wolle wy sjen litte dat der plak is foar in literêre, eksperimintele útjouwerij, ien dy't net rjochte is op boekferkeap mar op it artistike, engazjearre en krityske skriuwen en lêzen. Yn it jier 2017 hat it belied rjochte west op de optimalisearring fan de ynterne wurkprosessen, as in part fan it antwurd op hoe helje wy ús doelen. Ek is ús misje ferwêzentlike yn de aktiviteiten: it útjaan fan in nij boek en it kontakt lizzen mei skriuwers dêr't hiel wat fan ferwachte wurde mei. Dat dat allegearre syn beslach krije koe ha wy mei te tankjen oan de royale útjoustipe fan de provinsje Fryslân. Ek tankje wy ús kollega-útjouwers en de Fryske boekhannelers foar alle goerie en kennis, sadat dit újoujier in súkses wurde koe.

1. Ferslach fan it bestjoer

It jier 2017 wie it earste begruttingsjier fan Grotesk. In wurkplan, jierferslach fan it foargeande jier of net-skreaune wurkdoelen en ferwachtingen leine net klear. Alle tsjinstferliening en bedriuwsmangement moast noch opboud wurde. Dêr is in begjin mei makke. Grotesk hat him profilearre tusken de oare útjouwers fan Frysktalige boeken. Ek hat Grotesk ien útjefte ferskine litten, dy't hielendal past binnen it fûns fan bysûndere sekondêre literatuer. Sa wol Grotesk sa fierder gean; wy sille de wurkprosessen fierder optimalisearje en ús konsintrearje op in advisearjende en fleksibel ûnderstypjende funksje.

1.1 Fisy, missy, doel en oanpak

De fisy fan Grotesk is de nije generaasjes in artistyk krêftige Fryske literatuer te bringen. Us missy is it fersprieden fan Frysktalige literatuer.

1.2 Barren en wurk

Yn it earste jier fan Grotesk is benammen ynset op ûntwerp fan planningsystematyk en wurkprosessen. Om de tsjinstferliening nei in profesjoneel nivo te tillen binne fan alle útjou-aktiviteiten standerdisearre wurkwizen, rûtnes en prestaasjestanderts makke. Kwaliteit binnen de beheiningen fan in miny-útjouwerij easket in sekuere akwisyse en seleksje; de earste stappen binne dêryn set. De beoardieling fan binnenkommen manuskripten is noch net tarikkend kwa planning en kommunikaasje.

Grotesk hat ien bysûndere publikaasje meitsje kinnen. Mei subsydzje fan de provinsje Fryslân is koe in blomlêzing fan wurk fan leden fan in njoggentjinde-ieusk lêsselskip it ljocht sjen, gearstald en ynlaat troch Philippus Breuker. It oparbeidzjen mei de auteur hat ynspirearjend west en de blomlêzing is goed ûntfongen.

Troch it lytse tal aktiviteiten en de yntinsive online kommunikaasje wie it foar it bestjoer net nedich om de trije moannen gear te kommen.

1.3 Súksessen en wjerslach

- In nij tiim: kreativiteit is belutsen dissipline
- Posisjonearring yn it fjild: yn 'e geast fan de Koperative Utjouwerij
- In goedwurkjende webside: fol mei ynformaasje oer 'it literêre publisearjen'
- Oparbeidzjen mei de auteurs: as jo skriuwe binne jo nea allinne
- In goed ûntfongen útjefte: in oerwinning foar it kritysk perspektyf

Foar de saneamde dea fan de print en de ûnderstelde delgong fan it lêzen oer lit Grotesk sjen dat literatuer ûnferskillich is foar de yndustry om Amazon hinne. Grotesk hat no fjouwer wurken útjûn, op in manier sa't skriuwer en lêzer it winsken. It nei sjen litten dat nije, krityske en pionierjende soarten ynhâld skreaun en lêzen wurde kinne jout nij libben oan it boekútjaan. It eksperimint oan te gean dat de tradisjonele útjouwers har net goed permittearje kinne, ferbynt de skriuwers en lêzers.

2. Takomst

Yn it jier 2018 hat Fryslân de kulturele haadstêdtitel, mei as gefolch dat sa'n soad omtinken nei leechdrompelige popkulturele aktiviteiten giet dat keunst en literatuer dêrtusken amer romte krije kinne. Yn de spektakelatmosfeer is it, neffens planning, noch útjaan fan de 'jierdeisbondel' foar Trinus Riemersma (gearstald mar net foltôge troch de Fryske Akademy yn 2008) gjin mooglik gjin goed idee; de planning wurdt bysteld.

Yn 2018 sille wy de útjouwurksumheden ynventarisearje en fierdergean mei it optimalisearjen fan de organisaasje. Ferantwurdlikheden sille fierder definiearre wurde en it (online) klantkontakt ferbettere. Ein 2018 wolle wy manuskripten binnen ien moanne fan in beoardielingsrapport foarsjoen hawwe. Ek wolle wy ein 2018 wy oer de technyske know-how en oer it netwurk beskikke om kompleksere útjouprojekten, lykas yllustrearre of 3D boekobjekten fan ferskate keunstners, oan te kinnen. Ein 2018 hawwe trije debutanten in publikaasjeplatoarm krigen en/of krije coaching en advys fan Grotesk.

In fanselssprekkend doel iyn 2018 s om fernijend wurk te pubisearjen, online en ek op papier.

2.1 Aktiviteiten

- Utjefte yllustrearre dichtbondel yn beheinde oplaach (50-100), foar in part finansiêre mei fûnsen foar Frysktalige literatuer oanfolle mei aparte stipe foar de yllustraasjes.
- Utjefte Fryske 'postmoderne styl' bildungsroman (250 eksimplaren), finansiêre mei provinsjale subysydze.
- Ien iepenbiere promoasje-event mei lêzingen, workshops en boekferkeap.

2.2 Projekten

It tydskrift *Fers2* sil him yn it kulturele haadstêdjier, om't dat evenemint gjin belang hat by keunst en it net yn offisjele programma's opnommen hat, ekstra profilearje as kritysk en literêr medium. Ynstee fan de tradisjonele trije stikken de fjirtjin dagen sil stritte wurde nei it publisearjen fan fjouwer of fiif stikken mei fernijende ynhâld.

Foar it projekt *Sis Tsiis* is Grotesk allinne mar de beheader fan de finansjes en dat bliuwt ek yn 2018 sa.



3. Organisaasje

Utjouwerij Grotesk is in stichting mei in kulturele ANBI-status.

It KvK-nûmer is 66810531.

It RSIN is 856706723.

De kontaktgegevens fan Utjouwerij Grotesk binne:

Boomstraat 32d

1015 LC Amsterdam

ynfo@grotesk.site

020 693 86 31

www.grotesk.site

Grotesk is oansletten by de Vereniging van Zelfstandige Uitgevers en by Boeken fan Fryslân.

3.1 Bestjoer

It bestjoer bestiet út trije leden foar ûnbeskate tiid dy't net betelle wurde foar har bloed, swit en triennen. De bestjoersleden kinne gjin ûnôfhinklike besluten nimme. Yn 2017 hat der in bestjoerswiksel west: der is in nije skriuwer. Alle skriuwers binne ek redakteur, mei ûnderfining yn fiksje en nonfiksje.

Foarsitter:	Hannah Wolff
Skriuwer:	Hannah van der Heijde
Ponghâlder:	Friduwih Riemersma

3.2 Wurknimmers

Yn 2017 hawwe der gjin wurknimmers yn tsjinst west. Ek hat Grotesk gjin gebrûk makke fan stazjêrs en ek net fan frijwilligers. Foar safier't it bestjoer redaksjeaktiviteiten útfierd hat, wie dat as freonetsjinst.



4. Jierrekken

De jierrekken en dit jierferslach binne goedkard troch it bestjoer op 31 july 2018. It goedkaren is mei in mits: der mei in 2018 net noch mear jild sparre wurde. De jierrekken 2017 is apart publisearre, op grotesk.site.

4.1 Balâns

Balâns op 31-12-2017 (yn euro's)			
	Talj.	31 desimber 2017	31 desimber 2016
AKTIVA			
<i>Fêste Aktiva</i>			
<i>Omgeande aktiva</i>			
Foarrie Ree Produkten	1	1.700	585
Debiteuren			
Likwide middels			
Bankrekken	2	11.475	5.775
Kas	3	50	100
MEI-INOAR		13.225	6.360
PASSIVA			
Eigen fermogen	4	12.538	4.649
Reserve Projekt Fers2	5	454	454
Reserve Projekt Sis Tsiis	6	-149	982
Koartrinnende skulden	7	382	275
MEI-INOAR		13.225	6.360



4.2 Steat fan baten en lêsten

Steat fan baten en lêsten oer 2016	Talj.	2017 €	2016 €
<i>Baten</i>			
Subsydzjes, jeften, stipe	8	7.000	5000
Opbringsten út PoD en ferkeap	9	1.230	414
Foarrie ree produkt	10	1.700	585
<i>Baten mei-inoar</i>		9.930	5.999
<i>Lêsten</i>			
Algemiene lêsten	11	515	55
Redaksjtsjinsten			
Boekûntwerptsjinsten			
Printsjen, publisearjen, ensfh.	12	989	1.020
Promoasje/distribúsjeaktiviteiten	13	398	200
Foarskot/royaltys	14	192	75
<i>Lêsten mei-inoar</i>		2.094	1.350
Foardielich saldo		7.836	4.649

4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de balâns op 31 desimber 2017 neier ta.

Omgeande aktiva: 2017 €

1 Foarrie ree produkten 1.700

It giet om in foarrie fan 275 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 6,20 euro.

Likwide middels:

2 Bankrekken Triodos 11.475

3 Kas 50

De likwide middels stean ta frije beskikking fan de stichting, *útsein* de reservearringen foar de projekten Sis Tsiis en Fers2; mei de projektorganisaasjes binne aparte ôfspraken makke, en dêrûnder dat de stichting har finansjes beheart en transparant makket, sjoch hjirûnder 5 en 6.



Passiva:

4 Eigen fermogen 12.538

It eigen fermogen is in kontinuïteitsreserve, dy't allinne mar tsjinnet om de doelstellingen fan de stichting ferwerklikje te kinnen. It stichtingsbestjoer hat fêstlein dat de kontinuïteitsreserve net grutter wêze mei as 10.000 euro. De groei fan it eigen fermogen komt troch in jefte fan in kultuerstifting, earmerke foar de útjefte fan Frysktalich literêr wurk, plannearre foar 2018.

5 Reserve Projekt Fers2 454

De reserve fan it literêr tydskrift *Fers2* komt út partikuliere stipe, yn it jier 2017 hat der gjin stipe west, mar ek gjin kosten (de webhosting fan € 7, betelle as skinking, is bûten de boeken bleaun).

6 Reserve Projekt Sis Tsiis -149

Trochrinnend projekt mei partikuliere stipe en finansjeel behear troch Grotesk. Sis Tsiis balâns op 31 des. 2017: dit is in (lyts) negatyf saldo dat stadich oplost wurd troch partikuliere stipe.

7 Koartrinnende skulden 382

a. Noch te beteljen represintaasjejild en reiskostefergoeding 240

b. Noch út te kearen foarskotten/royalties oan auteurs 142

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de steat fan baten en lêsten oer 2017 neier ta.

Baten: 2017 €

8 Subsydzjes, jeften, stipe 5000

Subsydasje foar publikaasje Frysktalige oarspronklike nonfiksje 2000

Jefte fan kultuerstichting, earmerk útjaan Frysktalige literatuer 5000

9 Opbringsten út PoD en ferkeap 1.230

Printing on demandpublikaasjes foar partikulieren, nij en út reserve

10 Foarrie ree produkt 1.700

It giet om in foarrie fan 275 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 6,20 euro.

Lêsten:

11 Algemiene lêsten 515



a. Bankkosten Triodos, Sepay, GWk	212
b. Lidmaatskip brânzjeferiening	63
c. Bestjoers-, reis- en repres.kosten, noch út te kearen yn 2018	240
12 Printsjen, publisearjen, ensfh.	989
a. Printing on demand, mei alle tarieding en tsjinstferiening	978
b. Identifikaasjekosten	11
13 Promoasje/distribúsjeaktiviteiten	398
Boekpresintaasje- en promoasjeaktiviteiten	331
Distribúsjekosten	67
14 Foarskot/royaltys	192
Noch út te kearen yn 2018	142

4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje

De jierrekken wurdt opsteld ûnder ferantwurdlikens fan de ponghâlder. It bestjoer hat yn 2016 ôfsprutsen dat gjin gebrûk makke wurdt fan ekstern ûnderstypjen by it opstellen en de kontrôle fan de jierrekken. De jierrekken fan 2016 en ek dy fan 2017 is kontrolearre troch in kaskontrôlekommisje. Ek oer it jier 2017 koe de kaskontrôlekommisje in yntegrale kontrôle ferrjochtsje, dat yn ferbân mei it lytse tal fan transaksjes. De kaskontrôlekommisje ferklearret dat begjin en einsaldi korrrespondearje mei de bankôfskriften, dat de ynkomsten en útjeften ferantwurde binne mei skriftlike en digitale (pdf) beskieden; de kaskontrôlekommisje hat fierder gjin opmerkingen oer de finansjele stikken.

Ferklearring fan de Kaskommisje

Oan:
Stichting Grotesk
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam

Underskreaune(n):

Nome: ...A. de Vries.....

Adres: ...Ds. Marinus Mooijstrjitte 24.....

PK en wenplak: ...9078 VX Alderl.....

en

Namme:

Adres:

PK en wenplak:

Ferklearret/ferkleart hjiirby dat hy/hja alle stikken en beskieden, dy't de eksploitaasje oer it tiidrek ~~1-1-2017~~ oant en mei ~~31-12-2017~~ en de balâns fan ~~it jier 2017~~ fan de stichting Grotesk te Amsterdam oanbelange, kontrolearre hat/hawwe en dy yn oarder achtsje. De Kaskommisje fersiket de gearkomste om de betjoerder(s) desjarzje te ferlienen foar it fierde finansjele belied oer it tiidrek ~~1-1-2017~~ oant en mei ~~31-12-2017~~

Plak *Aldersje*..... datum *30-6-2018*

Namme(n) en hantekening(en):

...*A. de Vries*.....

5. Begrutting

5.1 Utgongspunten foar de begrutting 2018

- Wy rjochtsje ús op prosesûnderstypjen, lykas skriuwbegelieding, en sille net mear as twa útjeften yn produksje nimme.
- Yn it jier 2018 hâldt Fryslân de kulturele haadstêdtitel mei in hausse oan leechdrompelige kultueraktiviteiten en dêrnjonken in bytsje omtinken foar keunst en lêzen.

Risseltatebegrutting

	Begrutting 2018	Begrutting 2017	Ferskil
KOSTEN			
Tariedingkosten	200		
Produksjekosten	2.000		
Distribúsje en ferkeapskosten	100		
Promoasje en marketingskosten	500		
Algemeine kosten	350		
Unfoarsjoen	3.05		
KOSTEN MEI-INOAR	3.355		
OPBRINGSTEN			
Eigen ynkomsten	5		
Ferkeap	1.500		
Subsydzje	1.850		
OPBRINGSTEN MEI-INOAR	3.500		
RISSELTAAT MEI-INOAR	0		

5.2 Taljochting

De kosten sitte benammen yn boekproduksje. Grotesk kiest foar ekofreonlik printsjen, dus in hege standertprint mar gjin lúkse om 'e nocht, sadat de printkosten relatyf leech bliuwe (lykas nammers de transportkosten dy't ôfhingje fan it gewicht fan it boek). De boektarieding, en dêrûnder redaksje en korreksje, dogge wy safolle mooglik mei sletten beurzen. Wy nimme gjin wurknimmers yn tsjinst, mar sille spesjale taken útsette by freelance saakkundigen.

G

Wat de opbringsten oanbelanget, om't de merk foar it Frysktalige boek hiel lyts is, sil Grotesk in berop dwaan moatte op de wichtichste subsydsjejouwer foar Frysktalige fiksje en non-fiksje, nammentlik de provinsje Fryslân, dy't útjeften stipet binnen it taalbefoarderingsramt. Foar útjeften dy't bûten it (mainstream) taalmêd falle, bygelyks boeken sûnder wurden lykas graphic novels, sille fûnsen wûn wurde. Wy garandearje de subsyzjejouwers en donateurs dat mear as 90 persint fan de stipe oan de boekproduksje en -fersprieding bestege wurdt.

Bylage

It útfjoufûns

